



Politike Quizjûn.

Dy jûn wurdt organisearre troch it CDA, VVD, FNP, PvdA en GrienLinks op tongersdei 19 novimber yn it Dielshûs.

It idee achter de quizjûn is boargers fan ús gemeente op in boartlike manier yn 'e kunde komme te litten mei de polityk. Tidens de spuljûn wolle we de doarpen tsjin inoar stride litte yn in quiz dêr't politike fragen steld wurde, mar ek fragen oer Littenseradiel en ús doarpen, ús sporten en ús gewoantes ensafuorthinne.

Fierders kinne der behindichheidsspultsjes of sokssawat diel útmeitsje fan de quizjûn.

Dizze jûn besjogge we as in opstapke nei de kampanjetiid foar de riedsfierkiezings fan maart 2010. It is in luchtige ludike manier om sjen te litten dat polityk net in 'ver-van-je-bed-show' is.

Wat freegje we ?

Hiel konkreet giet dat om in team fan maksimaal 5 minsken dat op tongersdei 19 novimber oan de quizjûn meidocht. It team mei begelaat wurde troch in coach (in riedslid?). Tink dêrby oan minsken dy't fan alles wat witte.

Bij de samenstelling van de teams kan gedacht worden aan:

1. iemand die politiek bewust is
2. iemand die sportief is
3. iemand die kennis van het dorp en de gemeente heeft
4. iemand die kennis heeft van geschiedenis
5. een jongere

De teams wurde yn de Op 'e Skille fan 12 novimber foarsteld.

Dêrfoar haw ik de folgjende ynformaasje nedich:

Benodigde informatie: - van elk team de contactgegevens van de contactpersoon (adres, telefoonnummer en -vooral- e-mailadres). Deze gegevens worden natuurlijk niet gepubliceerd!

- 1 foto waar alle teamleden duidelijk (en leuk) op staan.
- Van alle leden van het team hun naam, leeftijd en een omschrijving in één zin (bijvoorbeeld: Sylvia Hania, 29, is bestuurslid bij Dorpsbelang Easterein, heel creatief en heeft altijd haar woordje klaar.
Of: Anneke Hoekstra, 28, is gemeentevoorlichter en heeft er een kunst van gemaakt om onbelangrijke feitjes te onthouden.)
- Eventueel: naam van het team (bijvoorbeeld Optein Easterein, Boazum Foarút, Wjelsryp wint it wol)

N.B. Op de avonden is het een goed idee wanneer je kunt zien wie er bij elkaar in een team zitten. Trek allemaal hetzelfde t-shirt aan (misschien geleend van de plaatselijke kaats-, schaats-, fierljep-, of damclub).

Deadline is 3 novimber!!

Kopij oanleverje by Anneke fia a.hoekstra@littenseradiel.nl

Wat kinne de doarpsbelangen winne?

It doarp dat úteinlik wint, krijt it prizejild fan 350 euro foar doarpsbelang!

Wa dogge mei?

Alle 15 ferieningen fan doarpsbelangen dy't jûn oanwêzich wienen, hawwe tasein om te besykjen in team by inoar te krijen! Geweldich!

Dêr binne wy (en dan sprek ik -ek- út namme fan de mienskiplike politike partijen) tige wiis mei!

We hoopje fansels dat der op tongersdei 19 novimber in team fan alle 22 doarpsbelangen mei docht.

Belangrike data

Tiisdei 3 novimber: Alle teams moatten oanmeld wêze en in foto mei tekst nei Anneke Hoekstra (ik dus) stjoerd hawwe (a.hoekstra@littenseradiel.nl)

Tongersdei 12 novimber: Hjoed wurde alle teams yn Op 'e Skille foarsteld.

Tongersdei 19 novimber: Het feest sels! Jûn is de politike quizjûn!